



## Ynterview mei teaterman Rients Gratama

*It is mear as trije spul  
it is in part fan praat en dreamen,  
merkelân mei sweef en kreamen,  
sfear fan simmersneon of -snein.*

*It is mear as trije spul  
mear as winnen of ferliezen  
it hâldt it byld fan Frysk en Friezen  
yn oprjochte glâns oerein.*

*It is pake, beppe, heit en mem en thús,  
want it is sa poer en hielendal fan ús.*

(út de musical *Kening op Sokken*,  
tekst Rients Gratama)

### *“It keatsen wie ferrekte belangryk yn ús doarp”*

Wa't fjirtich jier non stop presint west hat by de jierlikse PC keatswedstriid yn Frjentsjer wit wêr't it op sa'n dei om giet, nammentlik om it heechste wat jo berikke kinne. Sa alteast bringt Fryslâns ferneamdste kabaretier en teaterman Rients Gratama syn PC gefoel ûnder wurden. Oan syn gesicht is te sjen dat er it wier net iroanysk bedoelt, Rients hâldt fan it keatsen: "Sa'n PC-dei is geweldich!

Teater fan de boppenste planke! Al dy minsken. Om dêr op sa'n dei op it Sjúkelân te stean, dêr dreamst fan as jonkje. Dat wie by ús

froeger net oars. Doe't ik op 11 augustus 1948 meikeatste op de Freulepartij yn Wommels wie dat foar my ek in belevnis, ek al rekken wy der yn de twadde omloup ôf. Wy wiene kânshawwers mar ferlearen fan Berltsum as it my net mist. Reduzum wûn de partij, mei lytse Uilke Tolsma as balkearder. Soks ferjitzt noait wer."

Yn syn wurkromte op de mânske souder ûnder de swiere houten balken fan de twadde ferdjipping fan syn hûs yn Akkrum, hellet er mei muoite de punêzes los dêr't er de "lijst van deelnemende parturen" fan dy Freuledei stevich op fêststript hat. It stiet der echt: no 4 Pingjum /lichtblauw/zwart: Tj.

Oppedijk, R.Postumus, R.Gratama. "Moai net? Sjoch en dit is ús heit mei syn beide maten." Der hinget it mânske foto fan it âlde Penjum, Rients syn heit, as jongeman, en syn beide freonen hawwe harren portrettearje litten mei de motorfytsen yn oanslach. Se sjogge stoer yn de lins, as koe harren neat oer komme. Fet cool, om samar te sizzen. "De nozems fan Penjum", laket Rients. En sa komt it petear al gau op it doarpslibben fan doe. En wa kin dêr better oer fertelle as hy? It wurdt in ferhaal yn geuren en kleuren, mei moaie útstapkes en hilaryske tafrielen. It giet oer de famylje Gratama, de skoalle, it keatsen, it fuotbaljen, de maten, de doarpsbewenners, mei as



Mem, Rients, Heit en Tineke (± 1945)

eftergrûn fansels ek it benearjend dekor fan de oarlochstiid, want yn Rients Gratama syn jongesjierren wie it oarloch.

### **Rients, de soan fan Geart en Johanna**

"Us heit, Geart Gratama wie in Penjumer. Hy wie yn dy tiid elektrisien by de koöperative sintrale yn Penjum. Hy troude mei Johanna Sjaarda út Arum. Sy kamen yn Penjum te wenjen op it plak dat froeger De Put neamd waard. It wie in nij hûs, twa ûnder ien kap en it adres waard doe Kerkstraat 309. It is der omwei gongen op it houliksfeest, want ús heit mocht der wol wêze wat soks oanbelange. Der waard wakker songen. It feest waard de nachts trochset yn de buorren, dêr waard yn de lette oeren de piano hanneslept. Se songen foar ús heit en mem in liet mei as refrein: "Geart yn de put, Geart yn de put, licht dat er no in bytsje kalmer wurdt!" De bierfleskes stiene de oare deis by dûmny yn it finsterbank.

Us heit wie levendich, in echte doarpsman, net grut, brune eagen. In leuke man wie it. Oarspronklik fan grifformearde huize, mar letter mear in oanhinger fan de "vrijdenker" Anton Constandse. Heit wie by ús yn Penjum foarsitter fan it korps De Harmonie, fan de toanielklup, de matineeklup, presidint-tsjerkfâd fan de Herfoarme Tsjerke. Hy die de lollige en de serieuze saken, sis mar. Der is ek in strjitte nei him neamd yn Penjum, de Geart Gratamastrjitte. Moai net? Us mem wie mear de korrizjearjende faktor, in yntelliginte frou dy't har man mei al syn kluchten en fantasijen aardich yn de stringen hold, want ús heit wie bytiden in grutte gek fansels.



## “Langryk yn ús doarp”

froeger net oars. Doe't ik op 11 augustus 1948 meikeatste op de Freulepartij yn Wommels wie dat foar my ek in belevnis, ek al rekken wy der yn de twadde omloop ôf. Wy wiene kânshawwers mar ferlearen fan Berltsum as it my net mist. Reduzum wûn de partij, mei lytse Uilke Tolsma as balkearder. Soks ferjittst noait wer.”


Yn syn wurkromte op de mânske souder ûnder de swiere houten balken fan de twadde ferdjipping fan syn hûs yn Akkrum, hellet er mei muoite de punêzes los dêr't er de “lijst van deelnemende parturen” fan dy Freuledei stevich op fêstpriipt hat. It stiet der echt: mo 4 Pingjum /lichtblauw/zwart: Tj. Oppedijk, R.Postumus, R.Gratama. “Moai net? Sjoch en dit is ús heit mei syn beide maten.” Der hinget it mânske foto fan it âlde Penjum, Riens syn heit, as jongeman, en syn beide freonen hawwe harren portrettearje litten mei de motorfytsen yn oanslach. Se sjogge stoer yn de lins, as koe harren neat oerkomme. Fet cool, om samar te sizzen. “De nozems fan Penjum”, laket Riens. En sa komt it petear al gau op it doarpslibben fan doe. En wa kin dêr better oer fertelle as hy? It wurdt in ferhaal yn geuren en kleuren, mei moaie útstapkes en hilaryske tafrielen. It giet oer de famylje Gratama, de skoalle, it keatsen, it fuotbaljen, de maten, de doarpsbewenners, mei as

eftergrûn fansels ek it benearjend dekor fan de oarlochstiid, want yn Riens Gratama syn jongesjierren wie it oarloch.

### Riens, de soan fan Geart en Johanna

“Us heit, Geart Gratama wie in Penjumer. Hy wie yn dy tiid elektrisien by de koöperative sintrale yn Penjum. Hy troude mei Johanna Sjaarda út Arum. Sy kamen yn Penjum te wenjen op it plak dat froeger De Put neamd waard. It wie in nij hûs, twa ûnder ien kap en it adres waard doe Kerkstraat 309. It is der omwei gongen op it houliksfeest, want ús heit mocht der wol wêze wat soks oanbelange. Der waard wakker songen. It feest waard de nachts trochset yn de buorren, dêr waard yn de lette oeren de piano hinnesleapt. Se songen foar ús heit en mem in liet mei as refrein: “Geart yn de put, Geart yn de put, licht dat er no in bytsje kalmer wurdt!” De bierfleskes stiene de oare deis by dûmny yn it finsterbank.

Us heit wie levendich, in echte doarpsman, net grut, brune eagen. In leuke man wie it. Oarspronklik fan grifformearde huize, mar letter mear in oanhinger fan de “vrijdenker” Anton Constandse. Heit wie by ús yn Penjum foarsitter fan it korps De Harmonie, fan de toanielklup, de matineeclub, presidint-tsjerkfâd fan de Herfoarme Tsjerke. Hy die de lollige en de serieuze saken, sis mar. Der is ek in strjitte nei him neamd yn Penjum, de Geart Gratamastrjitte. Moai net? Us mem wie mear de korrijearjende faktor, in yntelliginte frou dy't har man mei al syn kluchten en fantasijen aardich yn de stringen hold, want ús heit wie bytiden in grutte gek fansels.



Tekening út in opstelskrift fan Riens by it ferhaal oer de merke. Riens sil doe acht of njoggen west hawwe.

Myn suske Tynke waard berne yn 1929 en ik trije jier letter. Myn suster wennet no yn Ljouwert, wy hawwe altyd in goed kontakt hân, sy koe ek goed toanielspylje, mar wie net echt sportyf. Op dat punt rinne wy wol o sa útmekoar. Us heit en Tynke en ik sieten wol alle trije by it korps, heit op de lytse trom, Tynke op korhoarn en ik op de bugel. Ik tink dat ik op ús heit en op ús mem lykje, fifty fifty sawat. Mar it kreative en it manifeste ha ik fan ús heit, mar ek wol wer fan ús pake Jan Sjaarda út Arum sizze minsken dy't it witte kinne. Dy man wie op de Arumer buorren ek altyd oeral boppe-út te hearren. Ik kin wol sizze dat ik graach wat ôfwike mei fan de rest, dat hie ik as bern al. Doe't ik nei de HBS op kantoar kaam, wie dat foar my ek net maklik. Ik moat wat earmslach hawwe. Ik bin, lykas

ús pake Jan, ek nochal in oandachtfreegjend figuer.”

### Sportyf Penjum

Penjum hie yn dy tiid sa'n 1100 ynwenners, no sa'n 600. Riens hat dêr nei eigen sizzen in fantastyske jeugd hân. “Ik wie frij sportyf, koe goed hurdride (koarte baan), goed keatse en wie keeper, letter ek by it skoalle-alfetal fan de HBS yn Harns. Ik siet ek op gymnastyk by Vlugheid en Ontwikkeling (V en O), de feriening fan Wytmarsum. Ik die oeral oan mei en wie wol wat in lieder, ja hear. Tagelyk mocht ik ek graach thússitte en lêze, ik tekene in soad. Ek oer de oarloch. Mar dy tekeningen binne letter spitigernôch weirekke. Ik ha noch wol in pear skriften mei opstellen út dy tiid, want ik mocht doe ek al graach skriuwe. En





Partoer út de musical *Kening op sokken* (1997)  
Foaroan f.l.n.r.: Hilbert Dijkstra, Dirk-Yde Sjaarda en Rients Steand f.l.n.r.: Æbe Haima, Tsjerkje, Hotze Schuil en Frans Helfrich

### Heldedom by it keatsen

Op de fraach wa't him it keatsen leard hat, bliuwt it earst efkes stil. Keatstreningen hiene jo ommers net yn dy tiid. "It wie net sa dat immen jo oantrune of stimulearje moast om te keatsen", sa fertelt Rients. "It barde gewoan, it wie sokssawat as de puberteit dy't jin op in stuit oerkomt. It keatsen hearde der gewoan by yn Penjum, it wie belangryk yn it doarp. As ik by it korps spile op de jierlikse grutte keatsdei, dan seachst De Haantsjes, Hotse Schuil, Frâns Helfrich en manlju as Gerrit Groen op it fjild omstappen. Prachtich fûnst dat, yndrukwekkend ek. Dat wiene de mannen. It keatsen slûpte der by ús

automatysk yn, sis mar. Doe't ik letter by de jonges keatste, kamen wy op alle doarpen. Oeral op de fyts hinne. Hielendal nei Wier, yn de earste omloop der ôf en dan werom nei Penjum. Sa gong dat. Mei Ruurd Posthumus en Tjeerd Oppedyk ha ik rûnom hinne west te keatsen. Wy wiene it Penjumer jongespartoer. Nei de oarloch, ik wie doe trettjin jier, ha wy faak op it fjild stien. Wy gongen nei de Burmaniadei op it Saailân, nei Snits, nei Makkum, oeral hinne. Wy hawwe wol aardich wat twadde en tredde prizen wûn. Doe't wy letter nei Ljouwert ferhuze wiene, waard ik lid fan LKC, doe ha ik op in útnoegingspartij foar junioaren in kear de krâns wûn op De Ryp. Ik wie sa grutsk as wat. Doe't wy yn Ljouwert oankamen, wie der by ús gjinien thús!

### Jan Reitsma ferwûne

Wat Rients ek noch as de dei fan juster bybleaun is, binne de lêste oarlochsdagen yn april 1945 yn Penjum. Der waard omraak fochten yn it doarp troch de Dútsers en de Kanadezen. Der wiene sa'n tsien deaden ûnder de boargerbefolking yn en bûten it doarp, sa fertelt Rients. Jan Reitsma, de âlde ferneamde Penjumer keatskening, dy't net fier fan ús ôf wenne, rekke as ien fan de earsten ferwûne. Dat nijs gong fansels as diggelfjoer. Gelokkich is er letter wol wer better wurden. Huzen en pleatsen yn de omjouwing fan Penjum en Arum rekken yn de brân. Ek it hûs fan de famylje Gratama krige in foltrefjer: "Der wie in gat yn it dak slein en ús hûs lei fol pún. Wy binne doe nei Arum flechte, nei ús pake Jan. Ik wie deabenaud. It skip fan de beurtskipper sonk yn de haven en pleatsen stiene yn 'e brân. As bern makket dat in

grutte yndruk. Oeral seachst minsken rinnen dy't yn lekkens en slopen it guod meitôgen. Ik sliepte op 'e souder en doe't wy letter wer thús wiene yn Penjum en it pún romme wie, koe ik út myn bêd wei in swellenêst sjen oan de balken fan it hûs. Trettjin bist dan. It wie de earste kear dat ik deade minsken seach. Yn it kafee fan Penjum hong yn dy tiid de grutte medaillekast fan Jan Reitsma, de Kanadezen hawwe der in protte medailles úthelle, dy't se as sùvenir meinommen ha. "Kaatskoning Jan", stie boppe de kast. Keatsen bleau ek yn dy tiid in jongesdream, it learde ús om te gean mei winst en ferlies. Under it keatsen kaamst sa in soad te witten oer dysels en oer oaren op in hiele spesjale manier.

Dat libben op it doarp makke it foar my o sa maklik om letter sa yn te stappen by it selskip fan Tetman de Vries. Ek dat gong oer it Fryske folkslibben yn al syn fasetten lykas dat op alle doarpen werkenber wie. Ek it keatsen makke dêr diel fan út. Wy hawwe der in protte oer songen en spile. Letter ha ik de musical *Kening op sokken* skreaun en spile foar it jubileum fan de KNKB. Dat wie fansels in feest om te dwaan.

### Noch altyd nei it keatsen

Rients Gratama giet wer geregeld nei de keatswedstriden no't er nei lange tiid bûten de provinsje al wer in tal jierren yn Fryslân wennet. "Ek om it keatsen bin ik bliid dat ik werom bin. Ik gean simmers nei de Rengersdei, de Aldehoupartij, nei Arum en nei de PC en fansels nei Penjum. Yn Akkrum nei it frouljuskeatsen, want wy hawwe Afke Hylkema, mar ek nei de Frouljus PC. Ek in

inkele kear nei de Freule. Oant in jier as fiif lyn ha ik sels altyd noch meikeatst yn Penjum op de merkepartij en ek wol yn Akkrum, mar it hâldt in kear op fansels. Ik ha dit jier ek noch mei myn pakesizzer, in famke, nei it frouljuskeatsen yn Goaiïnga west. Ik gean, lyk as sein, graach mei myn maat Ruurd Posthumus nei de partijen. En fansels al fjirtich jier nei de PC. Faak nim ik wat bekende Nederlanners mei om harren sjen te litten hoe geweldich sa'n dei is. Tekstskriuwer Jan Boerstool komt no ek al wer tritich jier op de PC, ek Tom Egbers hat wol mei west, Gerard Cox, Pieter Verhoeff en Fred Florusse. Of't ik in favoryt ha op it fjild? Nee, my giet it om it ferskaat. De ferskillende karakters fan keatsers fyn ik altyd nijsgjirrich. Nim no de rêst fan immen as Piet Jetse Faber, persoanlikheden as Schuil en Sake Saakstra, de types as Johannes Brandsma en Johan van Dijk, de ûnderkuolle oanwêzigens fan Johan Halbesma, it folkloristyske timperamint fan Frâns Helfrich en Rinny kuiper. Ik ha se allegear sjoen. Ik fyn it noch altyd in prachtige sport en al it geseur oer al of gjin nap yn de want of oer de kommersje der omhinne, dêr merk op it fjild neat fan, dat wol ik ek net. Ik jou my oer oan de sfear der omhinne en ik genietsje derfan."

Baukje Wytma

grutte yndruk. Oeral seachst minsken rinnen dy't yn lekkens en slopen it guod meitôgen. Ik sliepte op 'e souder en doe't wy letter wer thús wiene yn Penjum en it pún romme wie, koe ik út myn bêd wei in swellenêst sjen oan de balken fan it hûs. Trettjin bist dan. It wie de earste kear dat ik deade minsken seach. Yn it kafee fan Penjum hong yn dy tiid de grutte medaillekast fan Jan Reitsma, de Kanadezen hawwe der in protte medailles úthelle, dy't se as sùvenir meinommen ha. "Kaatskoning Jan", stie boppe de kast. Keatsen bleau ek yn dy tiid in jongesdream, it learde ús om te gean mei winst en ferlies. Under it keatsen kaamst sa in soad te witten oer dysels en oer oaren op in hiele spesjale manier.

Dat libben op it doarp makke it foar my o sa maklik om letter sa yn te stappen by it selskip fan Tetman de Vries. Ek dat gong oer it Fryske folkslibben yn al syn fasetten lykas dat op alle doarpen werkenber wie. Ek it keatsen makke dêr diel fan út. Wy hawwe der in protte oer songen en spile. Letter ha ik de musical *Kening op sokken* skreaun en spile foar it jubileum fan de KNKB. Dat wie fansels in feest om te dwaan.

#### Noch altyd nei it keatsen

Rients Gratama giet wer geregeld nei de keatswedstriden no't er nei lange tiid bûten de provinsje al wer in tal jierren yn Fryslân wennet. "Ek om it keatsen bin ik bliid dat ik werom bin. Ik gean simmers nei de Rengersdei, de Aldehoupartij, nei Arum en nei de PC en fansels nei Penjum. Yn Akkrum nei it frouljuskeatsen, want wy hawwe Afke Hylkema, mar ek nei de Frouljus PC. Ek in

inkele kear nei de Freule. Oant in jier as fiif lyn ha ik sels altyd noch meikeatst yn Penjum op de merkepartij en ek wol yn Akkrum, mar it hâldt in kear op fansels. Ik ha dit jier ek noch mei myn pakesizzer, in famke, nei it frouljuskeatsen yn Goaiïnga west. Ik gean, lyk as sein, graach mei myn maat Ruurd Posthumus nei de partijen. En fansels al fjirtich jier nei de PC. Faak nim ik wat bekende Nederlanners mei om harren sjen te litten hoe geweldich sa'n dei is. Tekstskriuwer Jan Boerstool komt no ek al wer tritich jier op de PC, ek Tom Egbers hat wol mei west, Gerard Cox, Pieter Verhoeff en Fred Florusse. Of't ik in favoryt ha op it fjild? Nee, my giet it om it ferskaat. De ferskillende karakters fan keatsers fyn ik altyd nijsgjirrich. Nim no de rêst fan immen as Piet Jetse Faber, persoanlikheden as Schuil en Sake Saakstra, de types as Johannes Brandsma en Johan van Dijk, de ûnderkuolle oanwêzigens fan Johan Halbesma, it folkloristyske timperamint fan Frâns Helfrich en Rinny kuiper. Ik ha se allegear sjoen. Ik fyn it noch altyd in prachtige sport en al it geseur oer al of gjin nap yn de want of oer de kommersje der omhinne, dêr merk op it fjild neat fan, dat wol ik ek net. Ik jou my oer oan de sfear der omhinne en ik genietsje derfan."

Baukje Wytsma

